

**wokke hat de hoop noch net ferlern
*wokke is de hoop nog niet verloren***

(Gedichten over mevrouw De Zee-de Ruiters, geschreven door Tsead Bruinja)

twaspjalt wol wokke net

har man hat altiten yn de wurkklean sitten
earst yn jirnsum en dêrnei op it fean
wurkklean foar it suvelfabryk

wokke wie naaister
har man wie de soan fan de direkteur

boppedat wie wokke grifformeard
en har man menist

dy twaspjalt woe wokke net
dat sy sleat har oan by de tsjerke
wêr't it om minsken gie
in tsjerke wêr't de lju neffens har
net betuttele waarden

dat wol fansels net sizze
dat wokke en har man altyd
deselde miening dielden

sechstich lang wienen se byinoar
se koenen tsjin in stjitsje seit se

en dy stjitsjes kamen der

tweedeling wil wokke niet

haar man heeft altijd in de werkkleding gezeten
eerst in jirnsum en daarna in heerenveen
werkkleding voor de zuivelfabriek

wokke was naaister
haar man was de zoon van de directeur

wokke was bovendien gereformeerd
en haar man doopsgezind

die tweedeling wilde wokke niet
dus sloot zij zich aan bij de kerk
waar het om mensen ging
een kerk waar men volgens haar
niet betutteld werd

dat wil natuurlijk niet zeggen
dat wokke en haar man altijd
dezelfde mening deelden

zestig jaar lang waren ze bij elkaar
ze konden tegen een stootje zegt ze

en die stootjes zouden er komen

minskemeneuvels kinne kattermeneuvels wurde

de lêste hûn gie dea
en de jongste soan sei tsjin mem
jim moatte in beest ha

yn alle hokjes fan it asyl
sieten de katten om in nij baaske te gûlen
ien krûpte furt dat dy kaam mei

styntsje hat in rêchsekje seit wokke
doe't wy har ophellen wie se fiif jier
hie se fjouwer adressen hân
en likefolle skiedingen

de iene kear kaam se by de man
de oare kear by de frou

no wennet se by wokke
yn it appartemint yn leppehiem

se docht lykas ik
se folget myn meneuvels

as ik nei de wc moat
dêr't ik har bak delset ha
moat sy ek

mensenstrapatsen kunnen kattenstrapatsen worden

de laatste hond ging dood
en de jongste zoon zei tegen moeder
jullie moeten een huisdier nemen

in alle hokjes van het aziel
zaten de katten om een nieuw baasje te huilen
een kroop weg dus die mocht mee

styntsje heeft een rugzakje zegt wokke
toen we haar ophaalden was ze vijf jaar
had ze vier adressen gehad
en evenveel scheidingen

de ene keer kwam ze bij de man
de andere keer bij de vrouw

nu woont ze bij wokke
in het appartement in leppehiem

ze gedraagt zich net als ik
ze volgt mijn handelingen

als ik naar de wc moet
waar ik haar bak heb neergezet
moet zij ook

har jonges neame wokke ús carmiggelt

de 700 stikjes dy't wokke skreaun hat
op har website tiden hawwe tiden
begjinne by de hertstilstân fan har âldste soan
dy't op `e bank siet doe't er fûn waard

hy wenne allinne

mei har jonges hat se it faker oer syn ferstjerren
dan oer it ferstjerren fan har man

hy wie ek noch mar njoggenen fjirtich

dyselde winter glide wokke út
by it útlitten fan de hûn
en hie se de pols stikken

har jongste soan miende dat mem
it fan har ôfskriuwe moast

ik ha in website foar mem makke

mar wokke wist hielendal net wat in site wie
earst die se der neat mei doe tocht se
dy jonge hat der al foar betelle

no skriuwt se oer alles wat se tsjinkomt
bygelyks oer de kasjêre yn de supermerk
dy't alle klanten oan de lopende band
in noflike dei tawinske

as in robot hast

om op in dei fan in âldere man te hearren te krijen
dat sil it hjoed net wurde fanke
want juster ha ik de frou
op it hôf brocht

haar jongens noemen wokke onze carmiggelt

de 700 stukjes die wokke heeft geschreven
op haar website tiden hawwe tiden
beginnen bij de hartstilstand van haar oudste zoon
die op de bank zat toen hij gevonden werd

hij woonde alleen

met haar jongens heeft ze het vaker over zijn dood
dan over de dood van haar man

hij was ook nog maar negenenveertig

diezelfde winter gleed wokke uit
bij het uitlaten van de hond
en brak ze haar pols

haar jongste zoon vond dat mem
het van haar af moest schrijven

ik heb een website voor mem gemaakt

maar wokke wist helemaal niet wat een website was
eerst deed ze er niets mee toen dacht ze
die jongen heeft er wel voor betaald

nu schrijft ze over alles wat ze tegenkomt
bijvoorbeeld over de kassière in de supermarkt
die alle klanten aan de lopende band
een fijne dag wenste

als een robot haast

om op een dag van een oudere man te horen te krijgen
dat zal het vandaag niet worden meisje
want gisteren heb ik mijn vrouw
naar het kerkhof gebracht

rjochtop de tsjerke yn rinne

foardat wokke en har man trouden
hat se om de taal in jier au pair west yn londen
har buorlju dêr hienen in breidswinkel

ik skreau myn man
ik ha de jurk fûn
mar ik ha gjin jild

ik koe krekt de bus betelje

moast keapje
skreau hy werom
ik stjoer it dy

doe't se op har sechtichste achter de toanbank
fan har eigen winkel yn wurkklean weikaam
waard wokke lekepreker

dêrfoar moast se earst nei ljouwert
om te learen hoe'tst in tsjerke yn rinst
mei de rêch rjocht en de eagen iepene
nei de minsken ta

de ulo wie net foar har weilein
sânbak sa neamde har heit de húshâldskoalle
dêr't se hinne moast

se hat in protte hân oan de legere skoalle
dêr wie dissipline

muoite hie se dêr net mei
al mei it stânsferskil wêrtroch
bern fan dûmny of dokter
hegere sifers krigen

rechttop de kerk in komen lopen

voordat wokke en haar man trouwden
is ze om de taal een jaar au pair geweest in londen
haar burens hadden daar een bruidswinkel

ik schreef mijn man
ik heb de jurk gevonden
maar ik heb geen geld

ik kon amper de bus betalen

moet je kopen
schreef hij terug
ik stuur het je

toen ze op haar zestigste achter de toonbank
van haar eigen winkel in werkkleding wegkwam
werd wokke ledepreker

daarvoor moest ze eerst naar leeuwarden
om te leren hoe je een kerk in loopt
met de rug recht en de ogen open
naar de mensen toe

de ulo was niet voor haar weggelegd
zandbak noemde haar vader de huishoudschool
waar ze heen moest

ze heeft veel gehad aan de lagere school
daar was discipline

moeite had ze daar niet mee
wel met het standsverschil waardoor
kinderen van de dominee of dokter
hogere cijfers kregen

wy ha de tiid

myn soan leit dêr begroeven
myn man leit dêr begroeven
dus eins wenje ik noch
yn âldeboarn
seit wokke

se steane yn in prachtige muorre
op it tsjerkhôf

dy hâlde se knap skjin

wokke sit dêr gauris
se harket nei it heechste wurd
fan de fûgels

dy sjonge

jou dy mar del
wy ha de tiid

wij hebben de tijd

mijn zoon ligt daar begraven
mijn man ligt daar begraven
dus eigenlijk woon ik daar nog
in âldeboarn
zegt wokke

ze staan in een prachtige muur
op het kerkhof

die houden ze goed schoon

wokke zit daar vaak
ze luistert naar het hoogste woord
van de vogels

die zingen

rust maar uit
we hebben de tijd

fûgels ha wat om wokke foar te betankjen

achter har âlde hûs yn it fean stie in beam
dy wie troch de jierren hinne sa groeid
wokke koe de earms der net om hinne krije
doe kaam der in buorman achter harren te wenjen
dy't de leechste tûken derôf ha woe

mar wokke gie mei de earms
om de beam hinne stean

vogels hebben iets om wokke dankbaar voor te zijn

achter haar oude huis in heerenveen stond een boom
die was door de jaren heen zo gegroeid
wokke kon de armen er niet omheen krijgen
toen kwam een buurman achter hen te wonen
die de laagste takken eraf wilde hebben

maar wokke ging met de armen
om de boom heen staan

fjouwer geloven yn de famylje en noait gjin spul

ik bin in type dat knokke moat
ik bin de fjirde de jongste
twa broers en in suster
hie ik boppe my

ik woe altyd de bêste wêze
net út eigenwizens mar út selsbehâld

letter krigen we allegearre ferkearing
leaut it net mar wy kamen alle fjouwer
by fjouwer ferskillende geloven te lâne
we ha it der noait oer hân
noait rûzje hân

net oer it leauwen
net oer jild

wy ha in goeie bân

ús jonges ha dat ek wol
se binne al ferskillend

de iene is sunich
de oare smyt it oer de balke

mar der is gjin jaloerskens

vier geloven in de familie en nooit onenigheid

ik ben een type dat knokken moet
ik ben de vierde de jongste
twee broers en een zus
heb ik boven mij

ik wilde altijd de beste zijn
niet uit eigenwijsheid maar uit zelfbehoud

laten kregen we allemaal verkering
je gelooft het niet maar we kwamen alle vier
bij vier verschillende geloven terecht
we hebben het er nooit over gehad
nooit ruzie gemaakt

niet over het geloof
niet over geld

we hebben een goede band

onze jongens ook wel
ze zijn wel verschillend

de ene is zuinig
de andere smijt het over de balk

maar er is geen jaloezie

dat hy heit regele

as we op 'e gong foar de doar stean
sjogge we noch even nei in foto fan wokke
mei har heit mem broers en suster

dy foto is yn de oarloch naam
allegear steane se der wat soer op
behalve wokke dy laket

doe hie it famke dat altyd by heit
achter op de fyts mocht goed yn 'e smizen
dat heit dy foto meitsje liet

omdat se him foar krewearjen
yn de ondergrûnske

fusillarre koenen

nachts sliepte se op in matras
mei dêrunder in laach winterierappels
en dêr wêr ûnder de gewearen
foar it ferset

mem wist der neat fan

dat had heit geregeld

als we op de gang voor de deur staan
kijken we nog even naar een foto van wokke
met haar heit mem broers en zus

die foto is in de oorlog genomen
allemaal staan ze er wat bedrukt op
behalve wokke die lacht

toen had het meisje dat altijd bij heit
achter op de fiets mocht goed in de smiezen
dat heit die foto had laten maken

omdat ze hem voor zijn werk
in de ondergrondse

konden fusilleren

's nachts sliep ze op een matras
met daaronder een laag winteraardappelen
en daar weer onder de geweren
voor het verzet

mem wist er niets van